

Ferslach jiergearkomste FFU, woansdei 4 novimber 2009

→ 091104 [2]

Plak: 'It Haske', De Jouwer

Tiid: 16.45 – 18.00 oere

Oanwêzich: T. Dijkstra (foars.), E. Knotter (pongh.); S.T. Hiemstra (skr.), G. Gerbrandy, J. van der Bij

Ofwêzich: T. van der. Veen

Mei berjocht ôfwêzich: K. Straatsma-Westerhof, J. van der Velde, R. Valk

1. Wolkom

De foarsitter hjit de oanwêzigen wolkom yn in sealtsje fan 'It Haske' (De Jouwer), dêr't op 'e middei it *Tomke*-symposium plakfûn hat. Dy aktiviteit, mei suver allinnich froulike dielnimmers, hat spitigernôch net in protte FFU-leden oanlutsen. Yn syn iepeningswurd jout de foarsitter in koarte ympresje fan it middeisprogram. Yn it begelieden en ûnderwizen fan jonge bern hat it Frysk wier wol in wichtich plak, al is de kwaliteit fan it taalgebrûk fan guon ynlieders striemin. Der is in soad gaadlik materiaal en dat sil grif ek brûkt wurde. Op in lyts struibriefke oer 'meertalig opvoeden' stiet de stelling '*As bern twa talen leare, leare se beide mar heal*'. Wy witte wol better, mar it bledsje wurdt sûnder kommentaar omparte. It moat in oantrún wêze om de dvd *talen kleurje dyn libben* te besjen of te keapjen.

2. Ferslach jiergearkomste fan 11 novimber 2008

It ferslach fan de jiergearkomste op 11 novimber 2008 wurdt mei ferbettering fan twa staveringsflaterkes oannommen, mei tank oan de skriuwer.

3. Nijsbrief/Jierferslach 2008

Us *Nijsbrief/jieroersjoch* wurdt oereide. Der is in protte wurdearring foar it grutte tal aktiviteiten en de wiidweidige beskriuwing dêrfan. Trije lytse typflaters wurde ferbettere. De foarsitter jout in taljochting op punten dy't in soad omtinken en tiid frege hawwe.

- Wat de *Fryske Underwiispriis* oanbelanget is it algemien betinken dat it idee yn in goede foarm útwurke wurde moat, mar dat giet de FFU boppe de macht. It ûnderwerp sil op 'en nij yn it Goofy-oerlis oan 'e oarder steld wurde yn 'e hope dat oare organisaasjes skewiele kinne en wolle. Jaap jout oan dat prizen rûnom ûnder druk steane. De Ried kin der ek net mear by op sette, want it giet mei de *Reklamepriis* en de *Fear yn 'e broek* ek dreech. Fyn in plak en in gelegenheid dêr't folk en parse op ôf komt, is de goerie en behelje de Omrop derby.

- Hoe giet it fierder mei it *Oanfalsplan Frysk*? It fjurke moat baarnende holden wurde om te soargjen dat it net útgiet. Pier Bergsma sil frege wurde om mei Reinier Salverda in mooglik ferfolch te bepraten. It stik hat in soad enerzjy en tiid frege, dat it soe skande wêze as de diskusje fierder deablet. It stik leit de finger op plakken dêr't it faak misrint as it giet om de ymplementaasjes fan Frysk taalbelied yn ûnderskate domeinen.

- It *FFU-webstek* wurdt gauris besjoen. De trochklikmooglikheid fan de hiemside fan de Ried fan de Fryske Beweging skynt aardich goed te wurkjen. Alle relevante ynformaasje stiet derop of komt derop, dat it is in gaadlik ferwiismiddel. Wy binne der wiis mei dat it ûnderhâld kreas troch Sytze Hiemstra jr. mei soarch en net djoer dien wurdt.

- It kontakt (oerlis) mei de provinsje Fryslân yn ferbân mei de *stjoergroep Hoekstra* is goed. Hiemstra wie as ynsprekker spesjaal útnoege foar de harksitting fan de stjoergroep (op 16 oktober

2009) om de *ferplichting* fan it Frysk yn de WEC (Wet op de Ekspertize Sintra, dus it spesjaal ûnderwiis) te bepleitsjen. Hiemstra is âld-lid fan de Rykskommisje ‘Commissie Fries in het buitengewoon onderwijs’ (1979) en wie jierrenlang meiwurker oan in ekspertizesintrum yn Fryslân.

Omdat Hiemstra net yn Fryslân wie, hat ús foarsitter Tom Dykstra syn taak oernommen en ynsprutsen. Neffens Dykstra is dat goed slagge. Der binne ek noch in stikmannich oare punten bepraat, lykas it draachflak foar it Frysk en de saneamde ûnderwiisfrijheid (autonomy) fan de skoallen, dy’t gauris te rom ynterpretearre wurdt as it om it Frysk giet. Boppedat is op de harksitting oan foarsitter Hoekstra de literatuerstúdzje *Meertaligheid op school Lyndensteyn* (RUG, 2008) oanbean, dêr’t yn oantoand wurdt dat der folle mear mei it Frysk dien wurde kin yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis, as dat hjoed de dei wiermakke wurdt.

In probleem is foar ’t neist dat de stjoergroep ferskillende, mooglik tsjinstridige stânpunten te hearren krige hat as ôfgien wurdt op de bydragen fan oaren oan de harksitting en de nammelist fan de ynsprekkers. It hie better west as **alle** ynsprekkers earst byinoar west hiene foar - as dat mooglik west hie - in ienriedich stânpunt oer it oerdragen fan mear ûnderwiisfoech nei de provinsje (desintraalisaasje).

4. Finansjeel ferslach

- *Ferslach 2007*

Mei trochdat de ledegearkomste ferline jier (en fan ’t jier wer) let yn it jier holden is, is it mei it beteljen fan it ledejild by goed 80% fan de leden net goed gien. De útnoeging om te beteljen wurdt ornaris oan it begjin fan ’t jier dien, mar dat wie doe en no net it gefal. Mei in dúdlike ferwizing nei de betellingsefterstân op de útnoeging foar dizze jiergearkomste (2009), sil dy efterstân ynhelle wurde. Wy freegje de leden om dêr goed nei te sjen.

It spardeposito by de Friesland Bank is okkerdeis frijkommen en sil net op ’en nij fêstset wurde. It saldo op de betelrekken by de ING-bank is dêrtroch ferbettere. It ledejild is €10,00 en wy binne der wiis mei dat guon leden mear as dat bedrach betelje en wy tankje spesjaal de leden (en net-leden) dy’t op de rekken fan de FFU in rynske jefte oermakke hawwe.

- *Nije kaskommisje*

Mei tank oan de kaskommisje wurdt it foarlizzende finansjeel jieroersjoch goedkard en de ponghâlder ûntlêstige.

Op oanwizing fan Douwe Willemsma hat de ponghâlder syn wurkwize ferbetterje kinnen. De kaskommisje hat sjoen dat dat goed slagge is. Foar it kommende jier sil Jannes v.d. Velde fan De Rottefalle frege wurde om mei Koop Scholten de nije kaskommisje te foarmjen.

5. Wat fierder op it aljemint brocht wurdt

Der binne by de foargeande punten al in soad ûnderwerpen behannele. Gerben freget omtinken foar it idee om âlders op te roppen fia de skoallen. As wy de skoallen oanskriuwe en de bern in brief mei nei hûs nimme litte, berikke wy in protte âlders. Wy sille it yn ús omgean litte en beslute mei it foarnimmen om bliermoedich mei ús krewearjen fierder te gean

6. Omfreegjen en sluten

De foarsitter tanket de oanwêzigen foar harren bydrage en slút tsjin seizen de gearkomste.

Ed Knotter/Sytze T. Hiemstra

Beetstersweach/Drachten,

10 novimber 2009